



Bovensmilde, 12 febrewaris 2011

Rju achte kritebestjoeren,

Wat wy as einredaksje fan it boek 'Friezen yn 'e Frjemdte' net ferwachte hienen, is dochs bard. Wy rêde it net en presintearje it boek op 1 en 2 april. It soe krapoan wurde, sa krapoan, dat soenen wy trochsette der in boek komt mei mankeminten, mei tefolle dingen dêr't net genôch tiid mear foar nommen wurde koe.

Hoe komt dat?

1. Wy hawwe it wurk dochs wat ûnderskat; it is in hûdfol wurk, en dat frege en freget fan ús as einredaksje it uterste. Boppedat binne wy amateurs. Is dat slim? Nee, mar it nimt wol folle mear tiid!
2. It basismateriaal dêr't wy as einredaksje mei út ein sette koenen wie faak noch net folslein en moast fansels bewurke wurde. Wisten wy dat dan net? Ja, dat wisten wy, mar net dat it safolle tiid nimme soe.
3. It bewurkjen bringt jin fakentiids fan it iene op it oare. Jo moatte noch wat neigean en komme dêrby wer hiel nijsgjirrige saken tsjin, dy't yn it boek net mist wurde meie. In nije krite bygelyks; in krite dy't al linkendewei ûnder in oare namme oergong is nei in oanbuorjend plak. Of de beide mobilisaasjes, en de ynfloed dêrfan op it kritewurk. Och, folle net genôch, mar wol allegearre saken dy't der ta dienen.

Wat dan te dwaan?

Trochgean, it net sa nau nimme, ôffraffeljje en mei in produkt komme, dat mankeminten fertoand en ús net nei 't sin wêze sil.

Dat noasket ús net, dat wolle wy net en trouwens soenen jimme dat wolle?

Sa'n boek as uzes kin mar ien kear skreaun wurde! Dy gelegenheid komt net wer.

Us útjouwer, frou Jitske Kingma fan Elikser, wie en is dan ek entûsjast en mei rjocht, want it is in geweldig projekt.

Yn oerlis mei it Bounbestjoer en de útjouwer hawwe wy as einredaksje dêrom besletten en til de presintaasje oer de simmer hinne.

Dat hâldt yn dat it boek útjûn wurde sil yn de 'Moanne fan it Fryske boek' en dêrmei troch de eveneminten dêromhinne, noch mear omtinken krije sil.

Dy 'Moanne' rint fan 16 septimber oant 22 oktober. Fan it hoe en wat oer de presintaasje hâlde wy jimme fansels op 'e hichte.

Wy sille grif fan dizze en jinge it nedige oer ús hinne krije, mar goed dat is dan net oars.

Lykwols, dat sil neat wêze yn ferlyk mei wat wy te hearren krije as letter bliken docht dat it boek tefolle mankeminten hat.

Dêrom ús beslút ta útstel, in beslút dat yn it belang fan elkenien is, de jildjouwers, de sponsers, It Boun, de kriteren, de útjouwer, de yntekeneren en ússels.

Sawol de einredaksje as de útjouwer binne der fan oertsjûge, dat der in boek - mei in byhearrende nijsgjirrige DVD - ta stân komt, dat it ferskinen wurdich is!

It bestjoer fan It Frysk Boun om Utens hat dêr ek alle betrouwen yn.

Mei út namme fan it Bounbestjoer en de einredaksje freegje ik dan ek begryp foar har beslút de presintaasje fan it boek te ferskoven nei de Moanne fan it Fryske boek.

Mei freonlike groetnisse,

út namme fan it bestjoer fan It Frysk Boun om Utens en de einredaksje,

Hâns J. Weijer

Bounskriuwer.